




DOARPSNIJS

Nûmer 488

oktober 2024

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	06 41696781
		(korrespondint om útiens)
Rianne Witteveen	Wytlandsdykje 10	yllustrator
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	yn elkoarsetter

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Paul Rienstra (voorz)	Lyklamawei 39	571652
Jellie Zijlstra (secr)	Lyklamawei 4	0654612587
Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com		
Tom Wezepoel	Lyklamawei 55	0620275676
(penningmeester, bankrek. NL30RABO0305244159)		
Jelle Siemonsma	Nij-Amerika 16	
Thys Laffra	Omrin 4	571551
Mieke Koot	Lyklamawei 36	0654238830

E-mailadres buertplysje: patrick.bottinga@politie.nl of www.politie.nl
Wykbehearder gemeente: r.zijlstra@defryskemarren.nl, 0620548535 of www.defryskemarren.nl/melding

STOARN

Op 23 septimber is yn Balk stoarn Grietje Pietersma-van Dijk, sy is 92 jier wurden.

Op 24 septimber is stoarn Akke Stoker-van der Goot, sy is 86 jier wurden.

Op 4 oktober is yn Balk stoarn Mevr. J. van Tuyl-Wolff, sy is 97 jier wurden.

FERHUZE

Coby Hospes-Pietersma nei de Hurdraversdyk 95 op 'e Jouwer.

Teunis Stoker nei Talmahiem keamer 201 yn Balk.

NIJE YNWENNERS



Op de Lyklamawei 23 binne Marten Hospes en Anna Poeze komd te wenjen.

NIJEMARDUMER OM ÚTENS FERSTOARN

Noch mar krekt ynwenner fan de Jouwer, leit der in al in prachtich kaartsje yn 'e brievebus. Op de foarkant twa katten, in grize en in trijekleur, kuierjend neist elkoar mei de sturten omheech en de tekst: "life is better with friends". Op de efterkant: "Dag Coby en? Fan herte wolkom op 'e Jouwer. As Nijemardumer bin ik sa frij dy wolkom te hieten". Sy skriuwt fierder dat ik tige wolkom by har bin op "de Groenhof" en jout har tillefoannûmer. Sy einiget mei de tekst: "Sterkte mei it ferhúsjen en ik hoop: oant sjen", Andrea Tromp.

In pear dagen letter belje ik by har oan mar der wurdt net iepen dien.

Dan binne wy in wike op fakânsje mar dêrnei, de 16 de oktober, besykje ik it opnij. Der stiet in auto op 'e daam. Dan hat sy fêst fisite, kom ik in oare kear en ik fyts troch.

Sneontejûn, 19 oktober, komme wy noch ien kear as redaksje fan it Doarpsnijs by elkoar en sa komt hiel tafallich te praat dat ik miskien noch in kear wat oanleverje kin foar it krantsje oer Nijemardumers om útiens.

Dêrfoar hie ik Andrea op it each.... mar it hoecht net mear. "Andrea is 10 oktober ferstoarn" sa fertelt Annie.

Andrea Tromp, berne yn Nijemardum, op 6 novimber 1930. It fiifde famke út de húshâlding fan Boake en Rinskje Tromp, ferneamd nei pake Andries. En as lêste oerbleaun. Dat hie sy goed yn de gaten, hear ik, as ik letter de betinktsjinst belústerje.

It besef dat sy allinnich noch fertelle koe oer froeger, oer dêr wêr' t sy wei kaam, brocht har op it idee om in boek te skriuwen, sadat de ferhalen oer eartiids, oer har heit en mem, har sussen en broer, net ferlern geane.

In bysûndere frou, altyd belutsen bleaun by Nijemardum (lies ús Doarpsnijs) en by de dingen dy' t yn de wrâld spilen, sy is der net mear en rêst no by de Toer.

Spitich, ik hie har ferhalen noch graach in kear optekenje wollen.

Coby

EEN WERELD AAN COMMUNICATIEMETHODES

Waar we vroeger met pen en papier brieven schreven die weken onderweg waren, sturen we nu in een oogwenk berichten naar de andere kant van de wereld.

Maar hoe blijf je nou op de hoogte over het reilen en zeilen in Nijemirdum.

Maandelijks komt het Doarpsnijs uit, wat nu voor u ligt. Aanvulling hierop hebben we de website nijemirdum.nl. Daarnaast wordt er met enige regelmaat ook berichten verspreid via de Whatsapp groepen. Hiervoor kunt u zich aanmelden bij de betreffende groepsbeheerder van u buurt.



Buurt WhatsApp-groepen

De buurt whatsapp groepen worden zoal gebruikt voor de last-minute communicatie over activiteiten in het dorp, buurt activiteiten, etc.

Buurt “Toer”

Voor de bewoners van Omrin, Wissebuurt & Lyklamawei 45 t/m 27
Groepsbeheerder is Sjoukje Kramer, aanmelden kan via 06 34 14 75 39 of bij
Marijke Rozema via 06 49 61 22 99

Buurt “Holymoly”

Voor de bewoners van Masterbodestrjitte, Lyklamawei 16a t/m Hoitebuorren
4a & Lyklamawei 23 t/m Hoitebuorren 13.
Groepsbeheerder is Henny Eppinga, aanmelden kan via 06 46 67 20 09

Buurt “Sintel”

Voor de bewoners van Lyklamawei 47 t/m 91, Lyklamawei 20 t/m 36 en
Heaburgen.
Groepsbeheerder is Boukje Mous, aanmelden kan via 06 18 81 53 83

Buurt “Ny Wytlân”

Voor de bewoners van Wytlandsdykje, Hege Bouwen & Nij Amerika.
Groepsbeheerder is Minke Nadema, aanmelden kan via 06 30 70 77 12

Calamiteiten Whatsapp-groep

Naast de buurtwhatsapp groepen is er ook een algemene calamiteiten whatsapp groep.

Deze is alleen bedoelt voor het melden van verdachte zaken die u zelf ziet. Deel hierin verder geen foto's, video's of andere zaken, maar doe dit bij de politie.

Aanmelden voor de 1000 ogen calamiteiten whatsapp-groep kan bij de groepsbeheerders:

Jeannet Bekedam via 06 40 32 13 25, Mieke Koot via 06 54 23 88 30,

Jellie Zijlstra via 06 54 61 25 87 of Sjoukje Kramer via 06 34 14 75 39

Bestuur dorpsbelang

HIJ DOET HET WEER!!!

Het heeft even geduurd, maar hij doet het weer.

Het vertrouwde geluid van de klok in de toren is terug.

Het geluid is nog hetzelfde, maar de techniek erachter heeft een update gehad.


In de eerste plaats begint het luiden nu stipt op tijd.

Net als onze telefoons wordt het juiste tijdsignaal nu vanaf een satelliet opgepikt.

Ook de overgang van zomer en wintertijd gaat automatisch.

Verder is er een nieuwe motor geplaatst en kan er gemakkelijk worden voorgeprogrammeerd.

Een app hiervoor ontbreekt helaas nog, maar we zijn al blij dat ie het weer doet. Al met al zijn we erg blij dat Nijemirdum weer compleet is.



Bestuur dorpsbelang

SINTERKLAAS

Op 29 november tijdens de snackavond kunnen de kinderen van Nijemirdum hun schoen komen zetten in het dorps huis. We hopen dan natuurlijk dat de Pieten in de nacht langs komen om de schoenen te vullen.



Op 30 november om 19.00 uur hopen we Sinterklaas en zijn pieten te verwelkomen in het dorps huis. Zodra Sinterklaas dan weer is vertrokken beginnen de spelletjes.

Zoals ieder jaar zijn er weer leuke spellen te spelen zoals blikgooien, raadspel en uiteraard het draaiend rad. Er zullen weer mooie prijzen te winnen zijn. Iedereen is van harte welkom!

De lokaalvereniging

SNACKAVOND

Op de laatste vrijdagen van de maand is het Doarpshús vanaf 17.00 uur weer open voor het bestellen en/of afhalen van diverse snacks.

tel. 0514-571 428

Schrijf het maar in je agenda:
vrijdag 29 november.



PLAYBACKSHOW

Hjir is noch in lyts berjochtsje oer de playbackshow.

Wy wolle jim allegearre bedanke foar it kommen en hienen wier net ferwachte dat de seal sa fol wêze soe. Dat makke ús noch entûsjaster! Wat wie it gesellich mei jong en âld talint op it poadium. Alles wie “top” regele troch de minsken fan it doarpshûs en oaren dy’t holpen ha.

Dêrom wolle wy der mei trochgean en der, lykas froeger, in jierlikse happening fan meitsje.

De priizen wienen as folget ferdielt:

Publykspriis: Marrit, Elbrich, Tirza & Magriet mei ‘t ferske “Pink Venom” fan Blackpink.

1e priis: Deborah, Hannah, Hilde & Marieke mei ‘t ferske “Wannabe” fan ‘e Spice Girls.

2e priis: Nynke mei ‘t ferske “Ijsjes” fan Lucilla.



3e priis:

Maurits & Stefan mei ‘t ferske “Brommers Kieken” fan Boer Harm.

Hooplik sjogge wy jim oare jier wer!

Groetnis Ylse en Iris

DORPSONTBIJT

Toen de dorpswinkel in Nijemirdum ophield te bestaan raakten we niet alleen de plek kwijt waar we boodschappen konden halen.

We raakten vooral ook de plek kwijt waar inwoners elkaar voortdurend tegenkwamen. Een ontmoetingsplek dus.

De dorpswinkel was een ontmoetingsplek waar je niet van tevoren wist wie je tegen zou komen en met wie je misschien in gesprek zou komen.

Tegenwoordig hebben we alleen nog de school als min of meer spontane ontmoetingsplek.

Vaak zie je ouders/oppassers nog even blijven praten en misschien wel langer dan ze eigenlijk van plan waren.

In de corona periode was het “elkaar niet kunnen ontmoeten” hét thema dat, zoals achteraf bleek, fors werd onderschat.

Kortom, erg veel mensen willen elkaar best wel ontmoeten en uit studies blijkt dat het ook belangrijk is.

Het bestuur van dorpsbelang wil dit ook stimuleren voor haar inwoners en hiervoor gelegenheid bieden.

Echter, de laatste jaren zie je dat de belangstelling voor het dorpsontbijt terugloopt of op z’n minst blijft hangen in dezelfde groep.

Vaak was er extra actie nodig om op een redelijk aantal deelnemers te komen. Dit jaar bleven we steken op 20 opgaves.

Hierdoor verliest het dorpsontbijt z’n doel, naar onze mening.

Wij als bestuur gaan er nog steeds vanuit dat inwoners van Nijemirdum elkaar wél bij gelegenheid willen ontmoeten.

Misschien moeten we dus iets doen aan de geboden gelegenheid hiervoor.

Voor veel inwoners is het misschien niet prettig om een deel van hun vrije zaterdagochtend hiervoor in te leveren.

Daarom gaan we elkaar op zaterdag 1 maart 2025 om 18.00 uur ontmoeten tijdens een stampot buffet in het dorpshuis.

Over het verdere hoe en wat informeren we jullie nog.

Opgeven hoeft nog even niet, maar schrijf deze datum wel alvast in je agenda!!!!

Kom op Nijemardumers, laten we elkaar weer eens ontmoeten.

Bestuur dorpsbelang

VERENIGINGEN IN NIJEMIRDUM

Artificial Intelligence (AI), vandaag de dag veel in het nieuws omdat het enorm populair is, omdat het lijkt alsof je er alles mee kunt. Wanneer je aan IA vraagt naar het verenigingsleven in Nijemirdum, dan krijg je het volgende antwoord waar ik het dan toch ook wel redelijk mee eens ben.

Nijemirdum, een pittoresk dorp in het hart van Gaasterland, bruist van het leven. Ondanks de kleinschaligheid heeft het dorp een hechte gemeenschap waar iedereen zich thuis voelt. Verenigingen spelen een centrale rol in het sociale leven van Nijemirdum. Van de voetbalclub tot de fanfare, van de kaatsvereniging tot de toneelgroep – er is voor ieder wat wils.

Deze verenigingen zijn niet alleen een plek voor sport en cultuur, maar ook voor gezelligheid en verbondenheid. Door het jaar heen worden er allerlei activiteiten en evenementen georganiseerd. Denk aan dorpsfeesten, toernooien en optredens, waar jong en oud samenkomen om te genieten van wat Nijemirdum te bieden heeft.

Wat dit dorp echt bijzonder maakt, is de betrokkenheid van de inwoners. Vrijwilligers zetten zich met hart en ziel in voor de verenigingen, wat zorgt voor een unieke dorps sfeer. In Nijemirdum is er altijd iets te beleven, en het warme gemeenschapsgevoel maakt dat mensen zich er altijd thuis voelen.

Er zijn dus een hoop verenigingen in Nijemirdum, nu hebben we (nog) geen fanfare & kaatsvereniging, maar wel een hoop andere op de website gepubliceerd.
<https://nijemirdum.nl/verenigingen/>

Bent u actief in een vereniging, zou u dan willen controleren of onze lijst nog juist is of dit anders kenbaar willen maken?
Ook indien u liever niet uw persoonsgegevens hier wilt hebben?



Bedankt!
Bestuur dorpsbelang

DOM PROJECT

Zoals bekend kan zijn is dorpsbelang bezig om via een “DOM-project” onderzoek te doen naar leefgeluk in Nijemirdum.

Eén van de onderdelen hierin is het wonen.

Dit kan van alles zijn, maar juist niet het zelf ontwikkelen of rechtstreeks betrokken zijn bij projecten om woningen te bouwen.

Inmiddels wordt in Nijemirdum door particulieren (de families Wildschut en Altena) onderzoek gedaan naar het bouwen van woningen in Nijemirdum.

Zij bezitten grond achter de toren in Nijemirdum en zouden deze grond mogelijk willen bestemmen voor woningbouw.

Probleem voor het dorpsbelang bestuur is dat één van de initiatiefnemers, nl. Tiny Wildschut, zitting heeft in het bestuur van dorpsbelang.

Hierdoor ontstaat de kans dat er belangenverstrengeling ontstaat voor wat betreft het Dom project en ook het feit dat dorpsbelang niet rechtstreeks betrokken wil zijn bij woningbouwprojecten.

Binnen het bestuur is hierover gesproken en na goed onderling overleg is besloten dat Tiny per 1 november 2024 haar bestuurszetel opgeeft.

Het is de bedoeling dat de vrijgekomen plek op de eerstvolgende ledenvergadering weer bezet zal gaan worden.

Bestuur dorpsbelang



WA BIN IK?

De útkomst fan foarige moanne is **Herrie Boekema** .

Oan de namme soe men it wol tinke mar Herrie is de rêst sels; miskien mei er sa no en dan wolris in boek lêze en dan docht er syn namme dôchs noch eare oan.

Dit riedsel wie net al te dreech: wat in protte reaksjes, prachtich hear!

Wy as redaksje pankoekbakke der wol wat mei om (foaral nachts as jo de sliep net krije kinne) en mochten jimme no noch in tûke “Wa bin ik “ yn gedachten ha, altyd wolkom .

De droege woarst is yn elts gefal foar Douwe Rienstra, lokwinske!

Dizze droktemakker

hat

literère ynteresses.

De frou fan dizze

hollânske skilder

skûlet ûnder de beam

fan de leafde

Wa is dit ?

Belje jimme oplossing nei: Tel.571889

Of stjoer in mail nei:

Redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Jantsje

IT HIMD FAN IT GAT

It is altyd noflik as minsken dy't je freegje foar in petear yn it Doarpsnijs daliks entûsjast binne. Dat wie it gefal mei Bernardus Gijzen. Syn jonge jierren hat hy trochbrocht op 'e Lyklamawei as soan fan Lubbert en Ypie Gijzen. Hy kaam hjir

doe ek wolris by ús oer de flier, mar letter bin ik him einliks wat út it each ferlern. Ik sjoch him wolris rinnen mei de hûnen of de bern, mar ik bin bliid dat ik op in freedtejûn by him komme mei en tige benijd hoe't it no mei him en syn húshâlding giet. De doar op Lyklamawei 89 swaait daliks foar my iepen en in lyts jonkje stapt op my ta. "Us Ids sit noch fol enerzjy,



mar hy moat no wol op bêd" neffens syn Mem. Bernardus is drok oan it kofjesetten en der wurdt in skaal mei hearlike koeken op tafel setten. It kopke fan soan Maurits komt ek efkes om 'e hoeke as ik mei Bernardus by de iterstafel sitten gean. "Is it de bedoeling dat ik der ek by kom?" freget Boukje. Dat liket ús hiel goed ta.

Bernardus hat in relaasje mei Boukje Mous. Doe't sy elkoar troffen wie Boukje al mem fan twa famkes. Jolina, dy't no 22 jier is wennet krekt op harsels en Madalyn is no 17 jier.

Yn in eardere relaasje waard Bernardus heit fan in dochter, Myrthe. Sy is no hast 16 jier. Hy en Boukje ha twa bern krigen. Maurits fan 9 en Ids wurdt ynkoarten 3 jier.

It komt yn dizze tiid wol mear foar, mar hoe is it om âlden te wêzen fan trije soarten bern?

Grutte feroaringen sa as in skieding binne foar bern faak min te begripen, mar bern binne ek wol fleksibel. It slagge Boukje wol om goede ôfspraken mei har eks te meitsjen. De beide famkes ha goede kontakten mei harren heit. Boukje is dêr tefreden oer. By Bernardus gyng dat in stik minder. Hy hat amper kontakt mei syn dochter, dy't by har mem wennet.

Soks falt net ta tink?

“Dat is wier, mar wy moatte fierder en hoopje dat it goed is sa’t wy it dogge”.

Wannear en wêr bisto berne Bernardus?

Op 23 july 1978. Wy wennen doe yn Nijemardum op ‘e Bouwen nr.27. Letter binne wy ferhuze nei de Lyklamawei.

Watfoar oplieding hasto dien?

Nei de basisskoalle hjir yn Nijemardum, ha ik 5 jier nei de C.L.T.S. yn Snits west. Dat wie in lang skoft foar my. Ik hie totaal gjin nocht oan learen en makke ek gjin

húswurk.

Wol talint, mar neat dwaan?

Ik siet mei Henk Altena op de rjochting Metaal, mar wy dyngen neat. Gauris de stêd yn en sa gau as it koe wer nei Nijemardum. Ik bin ek sakke foar it eineksamen...

Wat woest as bern graach wurde?

Hyndertrainer.

Net sa frjemd yn ‘e Gijzentradsje, mar yn watfoar wurk bisto bedarre?

Doe’t ik fan skoalle kaam ha ik in

jier by Douwe Hoekstra wurke en ek hast in jier by Mallingcroth (houten brêgen bouwe) Dat befoel my net sa. Letter hast tsien jier by in “Straal en Coating” bedriuw yn Bakhuzen. Omdat ik sûner wurk ha woe, bin ik by foechbedriuw Ten Boom oan ‘e slach gien. Troch de krisis wie dêr gjin wurk mear foar my en bedarre ik by in “Veren” bedriuw op ‘e Lemmer.

“En doe hast in hiel skoft siik west” merkt Boukje op..

Dan fertelt Bernardus oer de sykte fan Lyme, dy’t hy jierren lyn oprûn. “Ik murk it oan myn hannen... Op in momint koe ik de auto net mear bestjoere. Dy sykte wurke ferlamjend.”

Koest noch wol oan it wurk?

Dat slagge al gau net goed mear. Ik waard ôfkard troch it UWV.

Do kaamst, sa jong, hiele dagen thús te sitten?

Ja, it hat in grutte ynfloed op je libben as je net gewoan oan it wurk kinne. It taast je hiele bestean oan en dat fan de minsken om je hinne. Doe’t ik wer wat opknapte ha ik my melden by it UWV om passend wurk. Dat slagge earst net sa



gau, mar ik koe gelokkich yntegrearje by Ter Schure yn Eastersee. Dat is in Lânbou-meganisaasjebedriuw. Dêrnei ha ik as koerier wurke by AES, in gruthannel yn auto-ûnderdielen op 'e Lemmer. Doe by ABVakwerk en sûnt 2022 by de Gemeente "de Fryske Marren". Ik bin werf-behearder op de lokaasje Lemmer en ha tafersjoch op alle materiaal dat yn de bûtentsjinst brûkt wurdt.

Hasto hobby's?

Earder mocht ik graach autocrosse, mar no is hynstemenne myn gruttte hobby.



Ik bin lid fan "de Gaasterlandse Aanspanning" en doch dat yn 'e maneezje fan Harich. Al myn frije tiid ha ik dêrfoar nedich. Men moat in soad oefenje en by wedstriden it parkoers goed ferkenne. Ik ha ús Maurits ek al mei dat firus besmetten. Dy hat fan 't simmer yn Driezum Walterswâld syn earste "miny-maraton" ek al riden mei ús pony Annabel foar de "karre".

Meist graach lêze?

Gjin boeken of kranten. Ik lês allinnich de bern foar.

Sjochsto ek nei TVprogramma's ?

Hielendal neat.

Gjin krante, gjin TV... hoe folgesto it nijs?

No, dat hear ik alle dagen wiidweidich op

it wurk.

Hokke muzyk meist graach hearre?

Country en Rock.

Wat fynst fan Nijemardum? B.g. de skoalle/de tsjerke/it doarpsshûs?

It is wichtich dat dy ynstânsjes hjir allegear noch bestean. Om dy yn stân te hâlden moatte wy wol meidwaan oan wat sy ús te bieden ha.

Ha jimme hjir ek kontakt mei oaren?

Ja hear, wy kinne goed mei Omke Hindrik dy't neist ús wennet en mei ferskate doarpsgenoaten dy't ek by ús oer de flier komme.

Lêsto it Doarpsnijs? Ek de Fryske stikjes?

Jawis. Wy lêze dus dochs noch in krante! It Frysk ha wy op skoalle leard, dat dêr ha ik gjin muoite mei.

Wêr soest net sûnder kinne?

Myn pony's. It omgean en fersoargjen fan dy bisten is foar my echt in útlitklep.

Geane jimme ek mei fakânsje?

Ja, fan 't simmer ha wy nei Hardenberg west. Net sa lang hear. Ik bin it leafst thús en wy ha ek bisteboel dêr't in oar dan om tinke moat. Mar de bern genietsje der tige fan.

Kinsto itensiede?

Ik doch dat as Boukje nei har wurk is. Sy set dan wol alles klear. It moat, mar ik bin gjin entûsjaste itensieder.

Hoe sjochsto nei jimme takomst?

Bernardus is in hiel drokke prater en Boukje moat him hieltyd oanfolje by syn petear, mar no wurdt it stil....

Doe't ús heit yn '95 stoar, bleau Mem mei ús Mechiel en my efter en dan kin je "je kont mar rêde". Dat wie net maklik, mar wy ha ús der trochhinne wrotten. Dat wrotten hat my feroare. Ik bin hurder wurden en kin net sa goed mear oer minsken dy't jierrenlang noch hûndert út kleie oer alles wat harren oerkommen is. Ik libje by de dei en ha fertrouwen yn de takomst.

Hasto winsken en woesto fierder noch wat oan ús doarpsgenoaten kwyt?

Myn grutste winsk is sûnens foar elkenien.

Lit ús mar net al te folle krytyk op elkoar ha. Elk mei syn eigen ding dwaan.

It is al let wurden en ik bedank Bernardus en Boukje foar dizze gesellige jûn.

Maurits, dy't yn 'e keamer siet, folget ús hiele petear en komt geregeld om 'e hoeke. Hy mei aansens noch mei syn heit nei harren hynderkes, dy't op in stik lân by Balk yn 'e weide steane.

As ik nei hûs rin tink ik oan Mechiel en Tryn Gijzen, dy't hjir yn 'e santiger jierren mei in prachtich span hynders oer de Lyklamawei túgden. Wat moai dat harren pake- en beppesizzer oan dizze tradysje ek safolle aardichheid hat.

Annie

KURSUS FRYSK IN NIJEMARDUM



Voor de zomer hebben we een peiling gedaan of er voldoende animo was om een cursus Frysk te organiseren in Nijemirdum.

Goede nieuws, de cursus Fries Verstaan gaat begin 2025 van start!

Men moet net alles sizze wat men wit, mar wol alles witte wat men seit.

We beginnen op **dinsdag 28 januari 2025** met de cursus Fries Verstaan. Deze is elke dinsdagavond **van 19.30 tot 21.30 uur** in het Dorpshuis van Nijemirdum. Met uitzondering van de schoolvakantie (dit is dinsdag 18 februari). De kosten bedragen €150,- voor 10 lessen. Er zijn nog enkele plekje beschikbaar.

Registreren kan via de website van Afûk via de QR code hiernaast of via <https://myn.afuk.frl/aanmelden/?cursusId=2375>

Cursus Fries praten zal hierna worden georganiseerd

*Bûter, brea en griene tsiis, wa't dat net
sizze kin is gjin oprjochte Fries*

We hadden onvoldoende opgaves om de cursus Fries praten gelijktijdig te kunnen laten starten met de cursus basis Fries verstaan. Daarom we hebben doen besluiten om deze na de cursus Fries verstaan te gaan aanbieden.



Voor hen die zich expliciet alleen voor Fries praten hebben opgegeven, zijn er twee opties.

1. Je kunt eerder beginnen met de cursus Fries praten op een andere locatie. Kijk hiervoor even op de website van Afûk; <https://kursus.afuk.frl/particulier>
2. Je bent natuurlijk meer dan van harte welkom zodra we met Fries praten van start gaan. Maak dit dan even bij Dorpsbelang kenbaar -> dorpsbelang@nijemirdum.nl

Bestuur dorpsbelang

KERSTPROJECT LEMSTER MANNENKOOR

UNIEKE KANS OM KENNIS TE MAKEN MET ONS KOOR!!

Kerstproject 2024

Het Lemster Mannenkoor is voortdurend op zoek naar nieuwe leden. Nu is het lid worden van een koor wellicht een hele stap. Daarom is deelname aan ons Kerstproject 2024 wellicht een interessante (**EN VRIJBLIJVENDE!**) optie.

Ons aanbod:

- Vanaf 5 november aanstaande mag je GRATIS deelnemen aan onze repetities (repetities gericht op onze Kerstconcerten 2024)
- Je mag meezingen tijdens onze Kerstconcerten op 14 december aanstaande in Akkrum (tezamen met de plaatselijke muziekvereniging) en 21 december aanstaande in Lemmer (dubbelconcert op middag en avond)

Pas daarna beslis je of je wel of niet wilt toetreden tot ons koor!!

Waar: kantine "Zuyderzee Lyceum", Riensingel 2, 8531 GH Lemmer

Wanneer: **5, 12, 19 en 26 november en 3, 10 en 17 december** aanstaande van 19:30 tot 21:45 uur (met koffiepauze)

Wie zijn wij?

Het Lemster Mannenkoor, bestaande uit ca. 90 leden, hoopt in 2025 haar 60-jarig bestaan te vieren. Een christelijk oecumenisch koor dat regelmatig optreedt tijdens velerlei soorten concerten, maar tevens in kerkdiensten alsook bij andere voorkomende gelegenheden.

Belangrijk vinden wij ook het ten gehore brengen van (internationale) volksmuziek, waarbij ruime aandacht besteed wordt aan de Friese cultuur. Wij gaan wel met de tijd mee: zo is ons repertoire onlangs uitgebreid met zogenaamde "evergreens" van bijvoorbeeld Elvis Presley en anderen. Afhankelijk van de aard van een optreden gaat het koor gekleed in blauw kostuum of in een traditioneel Fries kostuum.

Voor verdere informatie kun je contact opnemen met

Jan Buma (jan@buma.com) of 06-50616995)

of onze secretaris Willem Toering (wtoering@hotmail.com) of 06-53147907).

Vervoer wordt geregeld.



**Wifi-steuring:
Ynienen steane
de minsken wer
"live" mei elkoar te praten**



Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Tanja Adriani	What's the Metta mindfulness en coaching
Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke en Hedwig Beukens	Garant Zaden
Bed & Breakfast Lyklamastate	Kamers en appartementen
Kim van den Brom	Total Support For Marine
Jan Buma	Buma Handel
Ortwin Dellevoet	Lopifit Gaasterland
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Runia Fourage BV	Veevoerders
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Mieke Koot	Generatiethuis
Koen Maronier	Yacht Power BV
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Gebroeders Postma	BHP Funderingstechniek
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Marijke Postma	Kniphúske kapsalon en nagelstudio
Jan-Dirk van der Tol	Feedtuber B.V.
Runia Transport Nijemirdum	Transportbedrijf
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Ilse Wezepoel	Snuffelplezier
Rianne Witteveen	Dsign & printmkr

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste tongersdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

DUOFYTS RESERVEARJE:

Dat kinne jo melde by Wiepkje Holtrop 06-10547123



INZAMELINGSPUNTEN:

Wat:

Plastic doppen van flessen,
tubes, potten en bussen

Waar:

Fam. Strampel,
Heaburgen 1

t.b.v.:

KNGF
blindegeleide-honden.

Inkt-cartridges, toners en
oude mobieltjes


Fam. Hoekstra,
Hoitebuorren 18a

Stichting
Kinderhulp Oeganda

Metalen/blikjes/doppen/
deksels/spuitbussen

Fam. Rienstra,
Omrin 14

STOPhersentumoren.nl



AGINDA

29 novimber	Snackjûn doarpshûs + skuon opsette foar bern
30 novimber	Sinteklaasjûn 19.00 oere
28 desimber	Klaverjasse

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op tongersdei 28 novimber

KOPIJ YNLEVERJE foar moandei 18 novimber

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: redaksje.doarpsnijs@gmail.com